

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Tjitte Hemstra GrienLinks, Jochem Knol PvdA, Klaas Zwart ChristenUnie, Petra Ellens	Moasje nr.	14
	Paraaf	
	Wurklistpunt	7
	Beslút	

MOASJE, eks kêst 31 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	17 desimber 2025
Wurklistpunt	07. Tuskenevaluaasje Nota Greidefûgels
Koarte titel fan de moasje	Greidefûgel-edukaasje

De Steaten, yn gearkomste byinoar op 17 desimber 2025, heard hawwende it berie;

konstatearjende dat

- de delgeande line fan oantallen greidefugels neffens it *Jierberjocht Greidefûgels¹ 2025* al desennia geande is en fierder trochset;
- de provinsje Fryslân sa it stelde doel yn de *Nota Greidefûgels 2021-2030²* fan 10.000 pearkes skries yn 2030 net helje sil en de 30% groei fan oare soarten fan greidefugels, omdat der net genoch pykje fleanfluch wurde (BTS);
- Nederlân yn de simmer fan 2024 op de fingers tikke is troch de EU³ om better op de greidefugels te passen, en dan benammen op de skries (*ynbreuk-proseduere*);
- in protte mienskipsjild, yn de foarm fan subsydzjes foar agrarysk natuer- en lânskipsbehear (ANLb), yn it behâld fan greidefugels stutsen wurdt en it kabinet it bedrach for ANLb lanlik fan 2026 ôf struktureel ferheegje wol nei 500 miljoen euro, om dêrmei it oantal hektares fan 100.000 nei 280.000 te ferheegjen;⁴
- de provinsje derfoar ferantwurdlik is dat it mienskipsjild goed ynset wurdt en dêrom de útfiering fan de soarchplicht foar de greidefûgels goed yn oarder wêze moat;⁵
- de FUMO yn 2024 konstatearre hat dat it better beskermjen fan greidefûgels, wannear't boeren en leanwurkers op it lân wurkje, noch net goed slagget, en dat de Fryske omjouwingstsjinst konkludearre hat dat de ôfspraken oer de soarchplicht tusken lânbou-organisaasjes en de provinsje ûnfoldwaande neilibbe wurde⁶ en dat ek de oerkoepeljende organisaasje fan leanwurkers Cumela oanjout problemen te hawwen mei de útfiering fan de soarchplicht⁷.

¹ <https://www.friesevogelwachten.nl/assets/media/doc/61-675-jaarbericht-2023-def.pdf>;
² <https://www.fryslan.nl/flysystem/media/nota-weidevogels.pdf>, p. 27;
³ <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/kamerstukken/2025/07/17/met-redenen-omkleed-advies-mroa-vogelrichtlijn-aangaande-de-grutto> en https://ec.europa.eu/commission/presscorner/detail/en/inf_24_3228;
⁴ <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/kamerstukken/2024/11/29/contourenbrief-agrarisch-natuurbeheer>;
⁵ <https://www.fryslan.nl/flysystem/media/reaktiena-bijlage-afsprakenkader-weidevogels-fryslan.pdf>, 11.27 Bal;
⁶ FUMO: Ofspraken oer beskermjen greidefûgels 'ûnfoldwaande neilibbe' - Omrop Fryslân;
⁷ Stadiger meane om nêsten te beskermjen? Dat is dreech, sizze leanwurkers - Omrop Fryslân;

oerwagende dat

- der mei bredere stipe, ek buten de hjoeddeistige 21.000 hektare ANLb-lân (wêrop't sawat de helte fan de greidefûgels briede), op likernoch 110.000 hektare gongber boerelân en partikulier natuerbehearlân⁸ in protte winst te heljen is
- fierwei de measte boeren en leanwurkers harren ferantwurdlik fiele foar de greidefûgels yn us provinsje en dat mear kennis oer de útfiering fan de soarchplicht en in kreaaze ynfolling derfan, aaien en piken sparje sil
- it krijen fan mienskipsjild net frijbljuwend is: as it doel wêr't de middels foar bestimd binne, net útfiert wurde kin troch te min kennis, moat dêr oan wurke wurde
- lânboupartijen, ûndersikers, de BFVW en it kolleezje fan Deputearre Steaten⁹ allegearre oanjouwe dat foarljochting en oplieding in wichtige bydrage jaan sil oan de útfiering fan de soarchplicht en it beskermjen fan greidefûgels by it lânwurk
- der binnen it ANLb jild beskikber is foar kennis en ynnovaasje,¹⁰ wêrmei't alle boeren en leanwurkers oplaet wurde kinne;

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- der nei ta te wurkjen dat alle leanwurkers en boeren, dy't mienskipsjild yn de foarm fan ANLb-jilden krije, fia in voucherregeling in oplieding folgje kinne, sadat sy de soarchplicht goed útfiere kinne;
- mei de sektorpartijen (aktive boeren, leanwurkers, BFVW, BoerenNatuur) yn te setten op in trajekt om dy opliedingen langjierrich oan te bieden;
- boeren en leanwurkers bûten it ANLb de mooglikheid te jaan mei te dwaan oan de opliedingen en ek te sjen oft skoallen oanheakje kinne;

en geane oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)

FNP, Tjitte Hemstra
GrienLinks, Jochem Knol
PvdA, Klaas Zwart
ChristenUnie, Petra Ellens

⁸ <https://www.friesevogelwachten.nl/assets/media/doc/61-675-jaarbericht-2023-def.pdf>, p. 4;

⁹ Antwurdbrief DS op fragen FNP oer Greidefûgels, 28 novimber 2023;

¹⁰ <https://www.toekomstglb.nl/regelingen-en-instrumenten/kennis-en-innovatie>